

BESLÚT

Underwerp : **Wizigingsferoarding 'Verordening Romte Fryslân 2014'**

Provinsjale Steaten fan Fryslân

Nei it lêzen fan it útstel fan Deputearre Steaten fan Fryslân fan 14 novimber 2017 oangeande de Wizigingsferoarding 'Verordening Romte Fryslân 2014'

Mei it each op de beskerming fan de provinsjale belangen en mei it each op de provinsjale ambysje op it mêd fan it opwekjen fan duorsume enerzjy,

Oerwagende dat :

- It net winske is dat mei in koarte proseduere oan projekten meiwurke wurdt, dy't yn striid mei wichtige provinsjale belangen binne;
- Dat it om dy reden nedich is om gebrûk te meitsjen fan it foech om taheakke II, kêst 4 Bor ûnder de wurking fan de Verordening Romte te bringen;
- Der in grutte opjefte leit om de doelstellings foar duorsumens te heljen;
- It, foarútrinnend op de brede diskusje yn it ramt fan de omjouwingsfisy, winske is om binnen de ramten fan it hjoeddeistige belied optimaal mooglikheden te bieden foar it opwekjen fan duorsume enerzjy;
- It strykt mei it provinsjaal belied om as dat mooglik is ferromming fan it belied yn de regels troch te fieren;
- Yn de reaksjenota útsteld wurdt de ûntwerp-wizigingsferoarding op inkelde punten wizige fêst te stellen.

Beslute :

- de wizigingsferoarding 'Verordening Romte 2014' fêst te stellen, mei yn acht nimmen fan neikommende wizigingen yn de Toelichting Verordening Romte:
ein 1e alinea: "Dit betekent dat ontwikkelingen die in strijd zijn met *het huidige provinciale beleid* niet alsnog met een reguliere procedure vergund kunnen worden door gemeenten door gebruik te maken van bijlage II, artikel 4 Bor."
begjin 3e alinea: "De verruimingen hebben met name te maken met het bieden van meer mogelijkheden om duurzame energie op te wekken binnen de *kaders van het huidige provinciale beleid*."

ferfange troch:

“Dit betekent dat ontwikkelingen die in strijd zijn met de regels *van de Verordening Romte* niet alsnog met een reguliere procedure vergund kunnen worden door gemeenten door gebruik te maken van bijlage II, artikel 4 Bor.”

en

“De verruimingen hebben met name te maken met het bieden van meer mogelijkheden om duurzame energie op te wekken binnen de *regels van de Verordening Romte*.”;

- kennis te nimmen fan de reaksjenota wizigingsferoarding ‘Verordening Romte 2014’.

Sa fêststeld troch Provinsjale Steaten fan Fryslân yn harren iepenbiere gearkomste fan 21 febrewaris 2018,

drs. A.A.M. Brok

, foarsitter

G.W. Huisman

, griffier